

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde

Rjochte oan DS / lid DS	Deputearre Douwe Hoogland
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	Wy lêze op 'e webside 'NieuweOogst.nl' ¹ dat de Provinsje wurket oan nije greidfûgelregels foar boeren yn greidfûgel- en ikkerfûgelgebieten. De regels soene diel útmeitsje fan de nije omjouwings-feroarding, dy't de Steaten oan it ein fan dit jier fêststelle moat.
Fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Is de deputearre op 'e hichte mei de ynhâld fan dit artikel? Sa ja, kin jo oanjaan dat it kolleezje dizze regels foarlizze wol oan PS?2. Yn it artikel wurdt neamd dat regels nedich binne, omdat tsjinoer de soarchplicht ek in fergoeding stiet. Is de deputearre op 'e hichte mei it feit dat it grutste part fan de boeren yn it yntekene gebiet gjin fergoeding kriget?3. It kolleezje wurket meastentiids mei de saneamde Fryske oanpak (fan oerlis). Is der oer dizze regels ek oerlis west mei boere-organisaasjes, it Kollektivenberied en de BFVW? Sa nee, wêrom net? Sa ja, wat wiene de útkomsten fan it oerlis?4. LTO en it Kollektivenberie jouwe oan dat dizze regels ûnwurkber binne en dat dêrtroch boeren ôfhekje sille. Dat soe funest wêze foar de greidfûgels en de ikkerfûgels. Kin de deputearre dúdlik meitsje wêrom en op hokker wize dizze nije regels wol wurkber binne?5. Kin de deputearre tasizze om mei dizze partijen (en ek mei de BFVW) om tafel te gean om oerienstimming te berikken, oer ynfulling fan en help by it foldwaan oan 'e soarchplicht?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) CDA, Attje Meekma ChristenUnie, Wiebo de Vries
---------------	--

¹ [Fryslân maakt weidevogelregels - Nieuwe Oogst](#)

Datum	12 febrewaris 2021
-------	--------------------